

# Oer misdied en frijmitselarij

FD 10-07-2010

troch Yvonne Dijkstra

De sechsde roman fan Lieuwe Pietersen, *It Genoatskip*, set tige spannend útein: in jonge frou wurdt fûn by in stedstún yn de binnenstêd fan Ljouwert, yn elkoar sakke tsjin in muorre en folslein apatysk. It iennige dat oer har bekend is, is dat hja Richt Hof hjit en 27 jier is. Gjin famylje. Gelokkich komt Richt gau ta har positiven en kin it ferhaal fan start.

As de frou op in dei by de grêven fan har ferstoarne âlden komt, falt har each tafallich op in nij grêf. It docht bliken it lêste rêstplak te wê-

zen fan har âldbuorman Nerus Schregardus. Richt hat al jierren net mear oan de man tocht, mar de kombinaasje fan syn net sa faak foarkommende foarnamme en syn âldens meitsje har dúdlik

## Nerus boude foar alle buertbern in boartertúntsje

dat hy dochs wier dy aardige buorman wêze ha moat, dy't eartiids sá mâl mei bern wie, dat er foar alle buertbern in boartertúntsje boude.

Nerus' ferstjerren, mar fral syn lêste libbensjierren, litte Richt op de ien of oare wize mar net los. Hjir en dêr begjint hja ris om har hinne te freegjen. De antwurden dy't hja kriget roppe lykwols allinich mar mear fragen op. It wurdt in hiel ûndersyk, dêr't ek Nerus syn âld keatsmaat Sieds Tulner yn belutsen is.

### Skûltsjerkje

Richt en Sieds reitsje yn it spoar fan Nerus wat langer wat mear fersile yn de wrâld fan de frijmitselarij en de kulturele upperclass fan Ljouwert. Der is wat mei in moaie stêdstún dêr't in earder skûltsjerkje sa't liket, brûkt wurdt

foar frijmitselarijaktiviteiten. Of dochs foar wat oars? Stadichoan komme Richt en Sieds tichter yn 'e buert fan de wierheid, mar net alhiel sûnder stjit of slach.

Pietersen is der yn slagge om in misdiedroman yn de wiere sin fan it wurd te skriuwen. Ik ferjou him dan ek mei leafde de dichterlike ynkonsekwinsje, dat Richt yn it begjin sabeare as 'Jane Doe' yn it sikehús belannet, wylst letter bliken docht dat der wol deechlik ien by har wie doe't de plysje har fûn. Mar fierder sit de roman goed yn elkoar, sterker noch: it hat alles wat in misdiedroman noadich hat. Der is in mysterieu-

ze (deade) haadpersoan, twa speurnoazen (dy't ek noch 'wat' mei elkoar krije) en in tal ynformanten dy't hieltyd op it goede momint essinsjele ynformaasje taskikke. Fierder spilet it ferhaal him ôf yn de tige nijsgjirrige miljeus fan de frijmitselarij en fan keunsten en kultuerleafhawwers yn in provinsjehaadstêd. Al dy ingrediïnten by elkoar soargje der foar dat de roman lêst as in trein.

**i** *It genoatskip*. Lieuwe Pietersen. Utjouwerij KFFB, 16 euro

